

drippen  
sâlt  
wetter

*Locatievoorstelling*

*Een droom van een verdwaalde vrouw*

Doutsen van Gosliga













**Frou:**

Ik woe  
in bytsje  
kopke-ûnder  
yn it wetter  
is it stiller  
as der

ik liet my falle

myn earmen swimmen  
myn benen gongen ek  
fluch, hieltyd flugger  
troch it wetter

efter my  
hearde ik ien roppe  
en noch ien  
en noch ien  
ropte dat ik werom komme moast  
dat ik stoppe moast  
mei swimmen en  
draven en  
raze

Ik woe werom roppe  
dat ik net stoppe koe  
mar ik koe se net mear hearen  
troch it rûze  
en it raze  
fan'e see  
en ik tocht  
sy my ek net



ik fûn it  
eigentlich  
ek wol lekker  
yn it wetter  
te ferdwine

myn liif swom  
en swom  
fierder  
en fierder

Dat gefoel  
fan oerjaan  
an it liif  
en dyn holle  
efkes op fakânsje is

efkes  
fuort

ik fûn it wol lekker

ik wit net hoe lang it doare  
it is in pear kear  
tsjuster  
en wer ljocht west

en doe wie ik hjirre  
noflik  
yn it waarme sân  
en no moat ik mar rinne  
ergens hinne  
do moast dochs altyd ûnderweis wêze































*Tusken see en lân leit in frou op it strân*

*De vrouw besluit dat er ver genoeg gelopen is.*

*Ze gaat zitten.*

*Haar blik op de horizon gericht.*

*Haar voeten vlak voor het water.*

*Ze kantelt haar hoofd naar achteren en kijkt op de kop naar de duinen.*

**Frou:**

*Ik koe nea myn dreamen neifertelle*

*misskien ferjit ik dizze ek wêr.*

*Ik hoopje fan net.*

*Na een paar seconden zet ze haar hoofd weer rechtop.*

*Ze trekt haar benen op tegen haar lichaam.*

*Haar armen vouwt ze erom heen.*

*Ze begint te zingen.*





*De woorden vervagen tot klanken.*

*Ze neuriet alleen nog de melodie.*

**Frou:**

*Ik doch even myn eagen ticht.  
As ik lang genôch wachtsje, fol ik yn sliep.  
En wurd ik earne wekker.*

*Ze laat zich achterover in het zand zakken.  
Haar voeten rusten in het water, haar hoofd op het land.  
Ertussen glijden de golven.*

*Heen en weer.  
Heen en weer.*

*Haar ogen sluit ze.  
Haar borst beweegt zich op en neer.  
Op en neer.  
Op en neer.  
Op  
En  
Neer*

*Alles om haar heen vergeet even dat ze er ligt.*



**Vrouw:**

Dat hangt ervan af waar je naar terug wilt.  
Je bent van mij weggezwoomen.  
Maar dat heeft dus geen zin.  
Wil je mee terug met mij?  
Of naar waar je vandaan komt?

...

Je moet wel wat zeggen.  
Ik ken je goed genoeg om te weten  
dat ik niet het laatste woord mag hebben.

**Frou:**

It spyt my.

**Vrouw:**

Wat spijt je?

**Frou:**

Dat ik fuort swommen bin.  
Doe't it moeilijk waard.  
Ik leau dat it net útmakket.  
Wêr't ik bin.  
Mei wa.  
Yn welke taal ik sprek.

